

Nummer: 012 LV
Datum: 4 maart 2025

Agrarische collectieven krijgen subsidie voor weidevogelbescherming

De zeven agrarische collectieven in Fryslân krijgen een subsidie van in totaal €46.311,- van de provincie Fryslân. Dit bedrag wordt ingezet voor het uitvoeren van predatiebeheer voor de bescherming van weidevogels. Met deze subsidie kunnen de collectieven middelen aanschaffen, zoals wildcamera's en vallen.

Weidevogels zoals de grutto, Kievit en tureluur worden bedreigd door verschillende predatoren. Bijvoorbeeld de vos, steenmarter en bruine rat. Om de vogels en hun nesten en kuikens te beschermen, is effectief predatiebeheer belangrijk. De collectieven hebben bekeken welke middelen daarvoor nodig zijn. Het gaat bijvoorbeeld om wildcamera's, diverse typen vallen, plastic lokkraaien en rasters. Voor het uitvoeren van het beheer is er een nauwe samenwerking met de collectieven, de Wildbeheereenheden (WBE's) en andere gebiedspartijen.

“Om de weidevogels te beschermen en de achteruitgang te remmen, is het nodig om op verschillende thema's in te zetten. Bijvoorbeeld het ontwikkelen van robuuste, aaneengesloten weidevogelgebieden en het beheer daarvan”, geeft gedeputeerde Matthijs de Vries aan. “Maar ook het aanpakken van de predatie is daar heel belangrijk in. Met minder rovers in de buurt, krijgen de kuikens een betere kans om groot te worden en die eerste kwetsbare periode te overleven. Daarom vinden we het belangrijk om de partijen in het veld met subsidie te ondersteunen om ook de goede middelen te kunnen aanschaffen voor het beheer van die predatoren.”

Toename aantal weidevogels

Predatiebeheer speelt een belangrijke rol bij het beschermen van de weidevogels en draagt daarmee ook bij aan de doelen die de provincie Fryslân heeft gesteld in de Nota Weidevogels 2021-2030 en het Aanvalsplan Grutto. Zo streeft de provincie naar minimaal 10.000 broedparen van de grutto in 2030 en een toename van de aantallen van andere weidevogelsoorten.

Nûmer: 012 LV
Datum: 4 maart 2025

Agraryske kollektiven krije subsydzje foar greidefûgelbeskerming

De sân agraryske kollektiven yn Fryslân krije in subsydzje fan yn totaal €46.311,- fan de provinsje Fryslân. Dit bedrach wurdt ynset foar it útfieren fan predaasjebehear foar de beskerming fan greidefûgels. Mei dizze subsydzje kinne de kollektiven middels oanskaffe, lykas wyldkamera's en fallen.

Greidefûgels lykas de skries, ljip en tsjirk wurde bedrige troch ferskate predatoaren. Bygelyks de foks, stienmurd en brune rô. Om de fûgels en harren nêsten en piken te beskermjen, is effektyf predaasjebehear wichtich. De kollektiven hawwe besjoen hokker middels dêrfoar nedich binne. It giet bygelyks om wyldkamera's, ferskate typen fallen, plestik lokkrieën en rasters. Foar it útfieren fan it behear is der in nauwe gearwurking mei de kollektiven, de Wyldbehearheden (WBE's) en oare gebietspartijen.

“Om de greidefûgels te beskermjen en de efterútgong te remmen, is it nedich om op ferskate tema's yn te setten. Bygelyks it ûntwikkeljen fan robúste, oaniensletten greidefûgelgebieten en it behear dêrfan”, jout deputearre Matthijs de Vries oan. “Mar ek it oanpakken fan de predaasje is dêr hiel wichtich yn. Mei minder rôvers yn de buert, krije de piken in bettere kâns om grut te wurden en dy earste kwetsbere perioade te oerlibjen. Dêrom fine wy it wichtich om de partijen yn it fjild mei subsydzje te stypjen om ek de goeie middels oanskaffe te kinnen foar it behear fan dy predatoaren.”

Taname tal greidefûgels

Predaasjebehear spilet in wichtige rol by it beskermjen fan de greidefûgels en draacht dêrmei ek by oan de doelen dy't de provinsje Fryslân steld hat yn de Nota Greidefûgels 2021-2030 en it Aanvalsplan Grutto. Sa stribbet de provinsje nei op syn minst 10.000 briedpearen fan de skries yn 2030 en in taname fan de oantallen fan oare greidefûgelsoarten.